

Literatuer op reis

f 29-1-11

Ferhalen

troch Jaap Krol

Is Douwe Kootstra in skriuwendere reizger of in reizgjende skriuwer? It is de fraach dy't him opkringt nei it lêzen fan *Paradys oan de baai*, it nijste boek mei reisferhalen fan dizze auteur en ferteller fan folksferhalen. Yn seis epistels nimt de skriuwer ús mei nei Tsjechië, Noarwegen, Dútslân, Kanada, Curaçao en Drachten.

Drachten? Jawis, Drachten. It ferhaal *Drachten en Rome* is in wat frjemde útsûndering op it reisgefoel fan de moderne toerist, dy't al of net mei

de auto, trein en fleantúch te backpacken giet en nei in skoftke - ek wichtich - wer nei hûs giet. Drachten en Rome giet ek net oer Rome, mar oer de missydriuwan fan de Roomske tsjerke yn it neioarlochske Drachten, dêr't Kootstra (1951) hikke en tein is. It is in moai staaltsje literêr reizgjen mei as ynset in stikje hast ferjitten lokale skiednis. Wylst de skriuwer him in treinreis werinneret nei Wenen om dêr de geastliken út syn jeugd te moetsjen, krije wy it ferhaal te lêzen fan de paters en nonnen dy't nei Drachten ôfsetten om de ynfloed fan Rome yn

'e Wâlden te fergrutsjen.

In oar moai ferhaal is Kootstra syn ferslach fan syn reis nei Nova Scotia (Kanada), dêr't er yn de kunde komt mei de famylje Zwaagstra, fiere famylje fan de skriuwer sels. Dit kear gjin súksesferhalen fan súksesboeren lykas dy faak yn Hylke Speerstra's *It ferlerne paradys* oan it wurd binne. Wol it relaas fan in deagewoane minsken, dy't yn 1951 op Pier 21 yn Halifax troch de douane giene, dêrnei ûnwennich wiene en hurd wurkje moasten om in bestean op te bouwen. Kootstra ferstiet de keunst om it ferhaal fan de Zwaagstra's

opgean te litten yn it moaie, soms dramatyske lânskip fan Nova Scotia. Dramatysk om't it hurde waar en de frije kapitalistyske maatskippij it de minsken net maklik makket, mar ek troch Kootstra syn besite oan de Fairview Cemetery yn Halifax, dêr't de slachtoffers fan de Titanic-ramp lizze.

Fernuvering

De reis yn de wite Pontiac is in reis fan de skriuwer, dy't yn hiele persoanlike observaasjes it soasjo-politike, histoaryske, ekonomyske en natuerlike lânskip oan ús meidielt. In ferteller dy't syn fernuvering do-

kumintearret en dielt mei de thússittende lêzer, dat is misken wol de kearn fan literatuer op reis. Sjoch de skriuwer sa doarmjen yn postkommunistysk Tsjechië, de *ehemahlige* DDR of op winerich Curaçao. Dat Kootstra ek yn Noarwegen te langlaufen giet, stekt dêr wat bleekjes by ôf, mar ek in reizgjende skriuwer is soms gewoan in skriuwendere reizger.

i *Paradys oan de baai*. Douwe Kootstra. Friese Pers Boekerij, 16,50 euro

